



Foarlêserhaal foar groep 1 -4

De lytse leppeltsjedief / Het kleine herderstasje

Der wie ris in skoalplein wê't in lyts stoepe plantsje groeide. Hy wie niet allinnich. Der wienen mear. Tusken de tegels wienen griene rântsjes, soms griene plukjes. Net ien seach der nei, nimmen seach it. It stoepe plantsje die sa syn bêst om der moai út te sjen en syn blomkes sjen te litten. Mar och wat wienen dy lyts. Tichtby kaam in plantebak tsjin de muorre fan de skoalle en in aardige frou plante dêr grutte planten yn en stoppe bollen ûnder de grûn. Der stienen boppedat boardsjes by mei de nammen.

Doe't de maitiid kaam, wienen der moaie krokussen en giele titelroazen/ narsissen en de grutte lavindelplanten krigen blêdknoppen. It lytse stoepe plantje fûn it hiel moai dat der no mear plantsjes wienen op it plein. "Psst titelroaske/narsiske", rop it stoepe plantje, "moai hear dat wy hjir tegearre groeie, maar net ien sjocht nei my en ik ha ek blomkes."

"Hé, lytse leppeltsjedief", rop in plantsje dat yn in hoekje tsjin de plantebak groeide. "Net sa dreech: ik fyn dy wol moai: lyts maar behindich.... fyn. En sjoch ris: ik bin ek in leppeltsjedief. By my sjochst trije hoekige leppeltsjes oan de stâle. Miskien krijsto anst ek fan dy moaie fruchtsjes en dan witte de bern datsto ek in leppeltsjedief bist." "Mar do hast in lange stâle..... en ik net", sei de lytse leppeltsjedief. "Hjir rinne en boardsje in hiel protte bern; ik bliuw leaver leech. Dan passe myn bledsjes en stâlen noch krekt tusken de stiennen en de skuon fan de bern. Mar ik bin hiel bliid dat ik no ek in namme ha: leppeltsjedief, dat is in moaie namme. Ha ik leppeltsjes? Bin ik in dief? Wêrom ha ik dizze namme krigen? Ha't elkenien in namme?" "Ja hear", sei de grutte leppeltsjedief: "dy oare lytse plantsjes tusken de stiennen ha ek in namme; hynstebloem/paardenbloem, poddeblêd/weegbree, koweblomke/madeliefje en it gers tusken de strjittestiennen hyt pôltsjegêrs/straatgras."

"As minsken witte hoe't we hite, binne wy dan krekt like wichtich as dy lavindelplant yn de bak? Sjogge?? se dan ek nei ús om?"

No hearde de lavindelplant it ek en rôp.....: "Do bist krekt like belangryk hear lyts leppeltsjedief! Sjoch ris hoe't lytse bisten in skûlplak fine ûnder dyn bledsjes tsjin de sinne. En lytse bijen komme ek by dyn blomkes op besite. De grutte bijen komme op myn blommen ôf. We binne beide belangryk. En dyn siedsjes binne hiel lekker foar fûgels sa as mosken. Dy moatte ek ite. Mar wat hiel wichtich is: jimme leppeltsjedieven groeie oeral wê't mar in lyts plakje grûn te finen is. Net ien sieddet of plantet jimme. Jimme dogge it hielendal sels. Jimme struie siedsjes út en mei wat gelok wurde de siedsjes meinaam troch in biezem, in skoech of eamels/mieren. Sa groeie jimme hieltyd op in oar plakje tusken de stiennen".

En asto in lyts stoepe plantsje bist, is der bêst wol plak op in plein mei boartsjende bern. In skjinn plein dat sa no en dan fage wurdt sjocht der goed út. Gelokkich meie de lytse stoepe plantsjes stean bliuwe. Die binne aardich om ris better te besjen.



En dat dogge we no! We litte se oan alle minsken sjen. En dat dogge we mei stoepe kryt!

